

Omrop Fryslân makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en amusearje. Dêrmei ferbynt en ferrikt de Omrop elkenien dy't him mei Fryslân ferbûn fielt.

Omrop Fryslân siket in

HAAD MIDDELS (32/36 OEREN WYKS)

De ôfdieling Middels stipet de organisaasje technysk en fasilitêr. De ôfdieling bestiet út meiwurkers mediatechnyk, audioteknyk, fideoteknyk, ICT, Planning, Produksje en Argyf (PPA), fisazjy en húsfêsting.

Oer Omrop Fryslân:

Mei meiwurkers fan alle ôfdielingen en stakeholders is de ôfrûne oardel jier yntinsyf gearwurke oan in nije misje, fyzje en strategy. It nije strategysk plan 'Kom Fierder' stiet de kommende jierren sintraal mei trije pylders, te witten: Ferhalen, Publyk en Middels. Der is in nije wurkwize formulearre, dêrby stiet de eigen ferantwurdlikheid fan de meiwurkers, it selsstannich en profesjoneel wurkjen foarop!

It medialânskip feroaret fûneminteel. Dat sil de kommende jierren in grutte impact hawwe op de húsfêsting en de technyk fan de Omrop. Om ynfolging te jaan oan it strategysk plan en lieding te jaan oan dy ôfdieling, sykje wy in krêftige en ferbinende haad Middels

As haad middels fan Omrop Fryslân:

- Wurkesto op in stimulearjende en coachende wize en jousto lieding oan de ôfdieling
- Bisto direkt liedingjaande en sparringpartner fan de koördinator technyk algemien en de koördinator programmastipe
- Hasto oantoanbere ûnderfining mei grutte technyske projekten en húsfêstingsprojekten
- Hasto oantoanbere ûnderfining mei oanbestegingen en hasto affiniteit mei de mediatechnyk
- Bisto lid fan it MT en bepaalt mei de begrutting en fertaalst dat yn jierplannen
- As MT-lid bisto mei ferantwurdlik foar de strategy en kontinuïteit fan Omrop Fryslân
- Untwikkelesto in takomstbestindige fyzje op technyk mei input fan de ôfdieling
- Hasto akademyk wurk- en tinknivo en minimaal 3 jier relevante wurkûnderfining
- Fertsjinwurdigesto de Omrop yn eksterne gearkomsten

Dêrneist praatsto Frysk of bist ree om dat te learen en wennest yn Fryslân of bist ree hjir te wenjen.

As lêste:

- Do krigest in passend lean neffens de "cao voor het Omroep personeel" yn skaal J.
- Dêrneist biede wy goede sekundêre arbeidsbetingsten lykas in ûnkostefergoeding, in fytsplan, wurkfruit en is der in protte romte om dysels te ûntwikkeljen.

Is dit dé baan dy'tstô sikest, dan nûgje wy dy fan herte út om te sollisitearjen!

Stjoer dyn sollisitaasje foar freed 23 oktober oankommend nei Fokelina de Boer, adviseur P&O, fia P&O@omropfryslan.nl

Foar mear ynformaasje oer dizze funksje kinst kontakt opnimme mei Nina Hiddema, direkteur, tel. 058 2997799.

De earste petearen binne yn wike 45 op tongersdei 5 novimber. De telefoanyske útnûgingen foar de petearen binne op moandei 26 oktober oankommend

Dizze fakatuere is yn- en ekstern iepensteld. By lykweardige geskiktheid hawwe de ynterne kandidaten foarrang. In assessment kin diel útmeitsje fan de proseduere. Akwisysje wurdt net op priis steld.